

We binne wer los!

De earste keatstrainingen binne wer fan start en ek de kompetysje op tiisdeitejûn is úteinsetten. De bern ha der allegearre in ferskriklik soad nocht oan om wer in baltsje te slaan. En dan wurket it waar de lêste wiken ek nochris goed mei! Genôch yngrediïnten foar in prachtich seizoen.

Dit seizoen binne der wol in oantal feroarings. Miskien is it jo al opfallen dat it keatsboekje dit jier in beskiedener foarm krigen hat. Saken as it kantineskema, fjildlisskema en it skjinmakskema krije leden tenei fia de mail en kinne jo fine op ús webside. Mocht de ynplande data út it skema net passe, dan graach ûnderling ruilje en dizze ruil trochjaan fia kfjanreitsma@gmail.com.

En dan ha we noch in wichtige feroaring. Der mei net mear smookt wurde op it keatsfjild of foar de sportbar. Dit moat tenei efter de blauwe line bûten it terrein.



Clinic fan Puur Passie

Snein 13 april wie de clinic mei Puur Passie. Mei in lytse 40 bern en 14 Puur Passie keatsers wie it fjild moai fol. Yn 6 groepen bin der ferskate oefeningen folbrocht. Opslach, útslaan, in baltsje keare foar de keats, mar ek kondysjetraining. Foar it hurde wurkjen hat eltsenien oan de ein in lekkere iisko hân.

Tige tank team Puur Passie!





Nijs fan it trainingsfjild

Yntusken binne de sealtrainingen dien. It wie in grut sukses, sawol yn Grou as yn it sealtsje fan Reduzum. Yn Grou hawwe ferskate trainers en keatstoppers ús jeugd training jûn en yn it sealtsje fan Reduzum hawwe de bern yn lytse groepkes lekker oefenje kind. We hawwe ek twa proeflessen hân foar de jongste kabouters en dêr wiene in soad entûsjaste bern, dy't dêr op ôfkommen binne.

Sûnt april binne we wer op de moandeitejûn op it fjild oan it keatsen. We hawwe ek in soad nij materiaal, mei tank oan sponsor Van Vuuren! Eltse training wurdt no ynteraktiver, lâns de bouncers, om de pionnen en troch de hoepels. Dit bringt ekstra fermaak en kreative mooglikheden yn de trainingen. Foar de takomst kinne wy net wachtsje om noch mear ferbettering te bringen mei dizze nije materialen.

Nij binne ek Barry en Hotske, ús keatspoppen. Se hawwe foar no allinnich mar in mûtse en kinne noch wol wat klean brûke. Dat meie de bern dan ek sûnder beswier meinimme.



Neist de trainingen op de moandei, meie de bern op freedtejûn sels ek traine, bygelyks mei harren âlden. Der kinne materialen liend wurde fan 18.30 oere ôf.

Wedstriidaginda

Jeugd

25 maaie	09.30 oere	Ledepartij mei Wytgaard yn Reduzum
8 juny	10.00 oere	Strjittekeatsen
14 juny	10.00 oere	KNKB NK skoaljonges
29 juny	10.00 oere	Ferrassingspartij



Junioaren/Senioaren

11 maaie	13.00 oere	El Classico: Eelke en Annapartij, lytse bal
25 maaie	13.30 oere	Pearkekeatsen lytse en sachte bal
1 juny	13.00 oere	Molenpartij
8 juny	13.00 oere	Strjittekeatsen



Yn petear mei Trynke Nijman

Werom bisto frijwilliger fan keatsferiening Jan Reitsma Reduzum?

Omdat ik keatsen in hiele leuke sport fyn en ik graach famkes taheakke sjoch by it keatsen. Der binne in hiel soart jonges, mar hast gjin famkes.



Wat fynst hjir sa leuk oan?
Ik fyn it leuk om bern nije dingen te learen. Sjen te litten dat keatsen in leuke sport is om te dwaan. Omdat ik mei plezier training jou, hoopje ik dat oaren it ek leuk fine.

Keatst sels ek noch en wat fynst it leukste om te dwaan?

Ik keats no efkes in jier net troch in blessuere, mar myn plan is om takom jier al wer op it fjild te stean. Myn opslach is better as it útslaan, dêrom stean ik faak efteryn it perk as bûten it perk.

Hast ek dreamen?

Myn grutste dream is om op de frouljus PC te keatsen en te winnen. De Ald-Meiers Partij en it NK liket my ek machtich om te winnen.



Hast ek noch 'keats' tips foar jongere bern?

Doch it keatsen foaral mei plezier!

KNKB saken

Wisten jo al dat de webside fan ús keatsbûn fernijd is? It KNKB hat in nij jaske, mar is noch altyd te finen fia www.knkb.nl

It bûn hat ek in nij logo krigen, jo sjogge it hjirûnder. Troch dit logo is der ek in nije kleanline kaam foar de spilers fan 'e KNKB.

Us feriening hat in sjek krigen fan 'e KNKB út it Jeugdfonds. Dit hat de feriening € 419 opsmiten. Dit bedrach is brûkt foar de wintertraining dy't yn de seal jûn is.



It folsleine jeugdbestjoer:

Annie van Dijk, foarsitter
Andreas (Rees) Moos, de regelaar
André Zijlstra, smaakmakker/externe ponghâlder
Debby Koot, sosjale mediakundige
Kirsten Jorritsma, entûsjastmearder
Anique Sikkes, krea keats en oare ideeën